

Provinsjale Steaten fan Fryslân  
Fraksje fan de FNP, de hear W. Veenstra  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 1 septimber 2020  
Ferstjoerd, - 2 SEP. 2020

Ûs merkteken : 01790531  
Ôfd./Opjefte : Lânbou  
Opsteld troch : C.A. Meijles/06-45014649 of c.a.meijles@fryslan.frl  
Jo merkteken : 01780246  
Ûnderwerp : Beantwurdig skriftlike fragen W. Veenstra, fraksje FNP,  
oer agraryske grienstasjons

Achte hear Veenstra,

Op 16 july hawwe wy in útstelbrief oan jo stjoerd foar de beantwurdig op de troch jo stelde fragen. Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 2 july 2020, beäntwurdzje wy no as neikomt.

Jo ynlieding

*De FNP hat fan it winter in besite brocht oan it projekt 'agraryske grienstasjons' fan it agrarysk kollektyf ELAN yn Súdeast-Fryslân. Oant 2017 ta die ELAN in proef wêrmei't blêdeguod, snoei- en oar natuerlik grienôffal op it hiem fan boeren yn de direkte omjouwing ferwurke waard ta kompost (CMC of Bokashi).*

*De proef yn Súdeast-Fryslân is lykwols yn 2017 ta in ein kaam, omdat de boerebedriuwen dy't oan de proef meidienen as ôffalferwurkers kwalifisearre waarden en dêrmei oan deselde wetten en regels foldwaan moasten as grutskalige yndustriële ôffalferwurkers.*

*De FNP fynt dit tige spitich, omdat it werbrûken fan skjinne ôffalstreamen as grûnstof en it lokaal ferwurkjen moai yn de kringloopgedachte fan lânbouminister Schouten past en krekt stimulearre wurde moatte soe. It projekt fan de grienstasjons soe wer opstart wurde moatte en ek op oare plakken tapassing fine kinne.*

Fraach 1:

*De provinsje Fryslân hat earder proeven mei grienstasjons stipe. Gemeenten en de Universiteit fan Wageningen wienen ek belutsen by dizze gearwurkingsprojekten tusken agraryske natuerbehearders, gemeenten en it Wetterskip. Is de provinsje op de hichte fan de lêste stân fan saken mei de grienstasjons, de inisjativen om kompost te meitsjen op it hiem fan de boer?*

Antwurd fraach 1:

Ja, de provinsje is op 'e hichte fan de lêste stân fan saken mei de agraryske grienstasjons. Yn 2015 hat de provinsje in subsydzje ferliend oan Agraryske Natuurvereniging ELAN, skaaimerik 01209764. It projekt is goed útfierd en is medio 2017 ôfsletten. Der hawwe bûten Súdeast Fryslân ek proefprojekten mei grienstasjons yn de gemeenten De Fryske Marren, Skylge en Kollumerlân west.

Koartlyn is troch de gemeente Súdwest-Fryslân amtlik mei de provinsje kontakt opnommen omdat it inisjatyf Agrarysk Grienstasjon yn de gemeente op it stuit slim lêst skynt te hawwen fan de (tanommen) regeldruk.

Fraach 2:

*Hoe stiet it kolleezje tsjinoer dy gearwurking fan partijen yn de grienstasjons? Is it kolleezje it mei de FNP iens dat mei it each op de kringloopgedachte it lokale gebrûk fan rest-grienstreamen krekt stimulearre wurde moatte soe?*

Antwurd fraach 2:

De provinsje ûnderskriuwt it belang fan it (lokaal) sluten fan grûnstofstringen en wurdearret gearwurking yn dat ferbân. By de Agraryske Grienstasjons hat dat benammen te krijen mei it (lokaal) sluten fan de biomassastring. It giet dan benammen om it kompostearjen fan lokaal produsearre grienôffal, guod dat út bermen en sleatten meand wurdt ensfh. It belang fan it ferheegjen fan organyske stof yn de grûn troch it werombringen fan biologysk materiaal yn de grûn is eksplisyt yn it Bestjoersakkoart opnommen (resultaat 18).

Fraach 3:

*Is it kolleezje ree om de gearwurkingsprojekten dy't troch de regeldruk fêstrûn binne, wer op gong te helpen?*

Antwurd fraach 3:

It giet hjir om lanlike wet- en regeljouwing. Dêr heart it Landelijk Afvalbeheerplan 3 (LAP3) by. Op it stuit wurdt der in wiziging fan it LAP3 taret. Fan 'e maitiid binne sjenswizen oer it ûntwerp fan de wiziging yntsjinne. Oft dy sjenswizen oernommen wurde en de romte opleverje dy't foar dizze inisjativen nedich is, kin op it stuit net beoardiele wurden

Wy binne mei in tal belanghawwenden yn petear, dêrûnder Wetterskip Fryslan, Circulair Friesland, Circulair Terreinbeheer, FUMO, gemeente Súdwest-Fryslân en Agrarysch Groenstation ELAN om te ûndersykjen oft der mooglikheden binne om de bewegingsromte foar it lokaal kompostearjen fan biomassa (bermgers, grienôffal, grien út sleatten) te fergrutsjen.

Fraach 4:

*Kin it kolleezje de grienstasjons helpe om de regeldruk omleech te krijen, bygelyks troch:*

- a. *de eigen regels oer ôffalferwurking, miljeu, romtlike oardering, ensfh. en de fergunning-liening ienfâldiger te meitsjen?*
- b. *de gemeenten en it Wetterskip te freegjen itselde te dwaan?*
- c. *der by it Ryk op oan te trunen om de regels dy't it ûnnedich dreech meitsje om lokaal kompost yn grienstasjons te meitsjen oan te passen?*

Antwurd fraach 4:

It giet hjir benammen om lanlike wet- en regeljouwing. As út it oerlis bliken docht dat mei lokale regels of belied romte kreëarre wurde kin, dan sille wy ús bêst dwaan om dat ta stân te bringen. Sjoch ek antwurd by fraach 3.

- a. It kompostearjen fan bûten in ynrjochting oanfierd grienôffal, ûntstien troch wurk dat troch de ynrjochtinghâlder dien is, lykas dat op in Agrarysk Grienstasjon bart, is neffens de lanlike wetjouwing in fergunningplichtige aktiviteit. Lykwols, as de poarsje grienôffal ta 600 m<sup>3</sup> beheind bliuwt, dan kin it sûnder omjouwingsfergunning ferwurke wurde, mits it bestimmingsplan dat talit. Dat is fêstlein yn it Activiteitenbesluit en de bepaling jilde al by it begjin fan it proefprojekt Agraryske Grienstasjons yn 2015 en wie doedestiids dus ek ûnderdiel fan it hifkingsramt foar fergunningferliening foar dy aktiviteit. Earder fan 't jier is de wetlik tastiene ôfstân wêroer plantmateriaal nei in Agrarysk Grienstasjon oanfierd wurde mei fan 2 nei 5 kilometer ferhege.

Goed besjoen is de wet- en regeljouwing oangeande it ferwurkjen fan biomassa sûnt it begjin fan it proefprojekt feitlik net ferswierre.

- b. Wetterskip Fryslân is by it oerlis behelle en ek belanghawwende, lykas yn antwurd 3 beskreaun is.
- c. Sjoch it antwurd op fraach 3.

*Fraach 5:*

*Wol it kolleezje dêrby oparbeidzjen mei de inisjatyfnimmers fan de grienstasjons, dy't om-mers presys oanjaan kinne tsjin hokker regels sy oanrinne?*

Antwurd fraach 5:

De provinsje is, ek op grûn fan har rol as mei-opdrachtjouwer fan de FUMO, ree om yn 'e mande mei de inisjatyfnimmers nei in oplossingsrjochting te sykjen.

Sjoch ek it antwurd op fraach 4.

Mei rju achtginge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris